

# Notitie



Van : Geert Andringa  
Aan : Presidium  
Datum : 27 september 2023  
Onderwerp : Cursus Politiek Actief

---

## Útstel

Yn it earste fearnsjier fan 2024 op 'e nij de kursus Polityk Aktyf te hâlden foar ynwenners dy't dat nijsgjirrich fine en miskien dêrnei wol de stap nei de riedsleal meitsje wolle

Yn 2021 wie der foar it lêst in kursus Polityk Aktyf. Dizze kursus is foar minsken dy't har ferdjipje wolle yn hoe it der yn bestjoerlik Nederlân en by de eigen gemeente om en ta giet.

ProDemos hat in kant-en-kleare training makke dy't wy as gemeente brûke kinne. Sjoch op de side:

<https://politiekactief.prodemos.nl/bijeenkomst/de-taken-van-de-gemeente/>

Wy hoege net in trainer fan ProDemos want ek oare jierren diene wy it sels en dat slagget no grif wer. It is in moaie ynteraktive kursus wêr't de dielnimmers yn 5 jûnen mear te witten komme oer:

1. De steatsynrjochting
2. Hoe't de gemeente wurket en hoe't jo ynfloed útoefenje kinne
3. Wat de gemeenterie docht (yn de kunde komme mei de riedsleden heart dêr ek by)
4. Debattearje (training)
5. Hoe't it sit mei de gemeentefinânsjes

Ek wenje de dielnimmers in riedsgearkomste by.

Fraach is oft jimme it der mei iens binne, want as wy it dogge kin it wêze dat wy op in oantal fan jimme ek in berop dwaan sille. Dielnimmers oan de kursus kinne dan fan jimme hearre wat makket dat jim yn de eigen gemeente it ferskil meitsje wolle.

Hoe moai soe it wêze dat de dielnimmers entûsiast wurde en har nei de kursus by in partij oanmelde om wat foar de eigen gemeente te betsjutten.